



HOTEL YN SWIER WAAR

(Hotel te koop)

Blijspul yn trije bedriuwen

fan

HENK ROEDE

Fryske bewurking

Roel Klijnstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HOTEL YN SWIER WAAR – HOTEL TE KOOP** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HENK ROEDE** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Simen - Eigener fan it hotel

Emma - Syn frou, eigeneresse fan it hotel

Pyt - Piccolo

Grytsje - Keamerfaam

Harm Romkes - Direkteur fan in grut bedriuw

Laura - Harm syn frou

Lola - Harm syn sekretaresse

Nel - Freondinne fan Laura

Geart - Buorman

Frits - Túnman

Alfred - Kok

Minhear Chateau - Eptige mar krityske klant

DECOR:

Midden yn de efterwand fan it toaniel de foardoar.

Oan de rjochterkant in bar.

Oan de lofterkant in rût, mei dêrfoar in baalje.

Yn de lofterwand foar de baalje binne in pear treden fan de trep nei boppe sichtber.

Dêrfoar de doar fan de biezemkast.

Yn de rjochterwand in doar nei de keuken en in doar nei it restaurant.

Foar op it toaniel in sithoekje.

It sjocht der wat âldmoadrich út.

EARSTE BEDRIUW

(Menear Chateau komt de foardoar yn, in koffer oan syn hân. Emma hinget yn de sithoek, lêst yn in blêdsje. Menear Chateau rint nei de baalje, sjocht dan Emma sitten, mar dy reagearret net)

MENEAR CHATEAU: Ahum! *(Gjin reaksje)* Aaaahuum! *(Noch gjin reaksje. Menear Chateau huft op de skille op de baalje)*

EMMA: *(Sjocht net op)* Kjeld skipe?

MENEAR CHATEAU: Nee, ik wol graach holpen wurde.

EMMA: O, ja, sa. Ik kom sa, efkes dit artikeltsje út lêze.

Menear Chateau: Net te leauwen..... *(huft no noch folle hurder in pear kear op de skille)* Hoe liket it, wurd ik no noch holpen?

EMMA: *(Oerein, sjocht net op út har blêd, rint nei de baalje)* Ja, kalm mar, ik wist net dat jo hastich wienen. *(No efter de baalje)* Kin ik jo helpe?

MENEAR CHATEAU: Ik wol graach in keamer.

EMMA: Hawwe jo reservearre?

MENEAR CHATEAU: Nee, dat net. Sitte jo fol?

EMMA: Fol? Nee, dat net mar it hie foar my makliker west as jo reservearre hienen.

MENEAR CHATEAU: Hoesa?

EMMA: Dan hie ik fêst wenne kind oan it idee dat ik oan it wurk moast. No oerfalt it my en ik hie myn blêdsje noch net út. Hawar, it is net oars. Net eltsenien tinkt foarút en reservearret efkes. Ik sil sjen oft ik in keamer foar jo ha.

MENEAR CHATEAU: Mar jo sieten dochs net fol?

EMMA: Nee, mar net alle keamers binne like geskikt.

MENEAR CHATEAU: Hoe woenen jo sizze?

EMMA: Jo wolle der dochs wol ien ha dy't der wat ta docht? Jo wolle grif net dat der fannacht in stik plafond nei ûnderen komt. Of dat ja bêd hast oan de grûn ta trochsakket.

MENEAR CHATEAU: No nee, leaver net.

EMMA: Wolle jo in keamer mei útsjoch?

MENEAR CHATEAU: Dat soe moai wêze.

EMMA: Wy hawwe in keamer mei útsjoch op... *(Sjocht yn it boek)* In bline muorre..... Op de klike's....

MENEAR CHATEAU: It is net te leauwen Hoe yn de goedichheit is dit hotel oan de fjouwer stjerren kommen, dy't hjir op de gevel pronkje?

EMMA: By de Action, ien euro acht en njoggentich.

MENEAR CHATEAU: Wat sizze jo?

EMMA: Dy hat myn man by de Action kocht. In pakje stjerren foar ien euro acht en njoggentich. Hiel moai en by tsjuster dan ljochtsje se ek noch op. Dan ha ik hjir in keamer foar jo. Jo hawwe oan ien stopkontakt genôch tink? Dy yn de baaikeamer net brûke want dan stean ik der net foar yn dat jo it oerlibje. Hoe wie de namme ek wer?

MENEAR CHATEAU: Chateau.

EMMA: Wat in moaie namme. Ik moat it dwaan mei Húsman. Myn man syn namme, sjoch, fan my sels hjit ik Bears, dat ik bin der wol op foarút gien.

MENEAR CHATEAU: Grif ek minder stikelich, tink?

EMMA: Dat wit ik net. Mar leaver mefrou Húsman as allinne mar húsfrou. De piccolo sil jo wel efkes nei de keamer bringe. *(Pakt in luchtdrukflesse mei in hoarn der op efter de baalje wei en drukt der op, menear Chateau skrikt him wyld)*

MENEAR CHATEAU: Wat dogge jo no?

EMMA: Ja, sjoch, hy wurdt wat dôf, mar dat wol hy gjin wurd hawwe. Hy seit altyd ik bin net hurdhearrend, krekt oarsom ik hear alles hiel sêft. *(Unhandich stroffeljend komt Pyt de trep del, syn broek sakket him alledgedurich ôf en dy hyst er dan mar wer op)* Ah, Pyt, wolsto menear syn koffer efkes nei keamer 112 bringe?

PYT: Keamer 112?

EMMA: Meanear wol in keamer mei útsjoch.

PYT: Menear wurdt betanke.

MENEAR CHATEAU: Hoesa?

PYT: Dy keamer is op de boppeste ferdjipping.

MENEAR CHATEAU: Dan nimme wy dochs de lift?

PYT: Meneaar is in grapmakker. Hokker lift? Ik tûgje hjir al fjirtich jier de koffers by de trep op. As menear mar efkes meirinne wol, dan bring ik jo nei de keamer. *(Pyt nimt de kaai fan Emma oan, hiset syn broek op, pakt de koffer, lit menear Chateau foargean de trep op en ferdwynt der sels ek efteroan. Troch de foardoar komt Simen yn)*

EMMA: Dei, skat.

SIMEN: Dei, leave. Ik ha goed nijs.

EMMA: En wat mei dat goede nijs wol wêze?

SIMEN: Ik krige niiskrekt in tillefoantsje fan immen dy't dit hotel keapje wol.

EMMA: Einliks: Dat is geweldich nijs.

SIMEN: It hat lang duorre, foar dat der in gadingmakker foar dit hotel wie. Mar ien is ek genôch.

EMMA: Kinne wy einliks mei pensioen. Dat hawwe wy ek rom fertsjinne.

SIMEN: It is fansels noch net ferkocht.

EMMA: As dy keaper it hotel sjocht, soe ik net witte wêrom as hy it net fuortdaliks keapje sil. *(Op dit stuit rûgelt de koffer fan menear Chateau by de trep del en Pyt komt der efter oan.)*

PYT: *(Ropt nei boppe)* Sorry, Sorry, dat bart my oars noait.....*(Yn himsels)* No ja, hast noait. Teminsten, net sa faak. Net eltse dei. Der binne fansels ek net eltse dei koffers te tûgjen. *(Der giet in alarm)*

SIMEN: Nee wol.... Al wer brânalarm..... *(De keukendoar giet iepen en Alfred de kok komt hastich yn, reek efter him oan)*

ALFRED: Sorry, oanbaarnde hin..... Of hazze..... Ik ha der net sa bot acht op slein wat ik krekt út de friezer helle. It liket ek sa ferrekte bot op elkoar. En as it dochs oanbaarnd is smakket it ek krekt allegearre gelyk. *(De foardoar giet iepen en Frits, de tûnman komt yn. Hy triuwt in meanmasjine)*

EMMA: Wat moat dy meanmasjine hjir, Frits?

FRITS: It meanen oan de foarkant fan it hotel is dien en no moat de efterkant noch.

EMMA: En do tinkst, dat hjir ek noch wat te meanen is?

FRITS: No nee, mar it is wol de koartste wei. En as jo wolle, kin ik it heechpoalich tapijt yn it restaurant wol efkes meane. *(snúft)* Ite wy no al wer oanbaarnde pyk?

ALFRED: Tinksto dat it pyk is? It kin ek oanbaarnde hazze wêze.

FRITS: Nee, dy hast juster oanbaarne litten. Dat rûkte hiel oars. Dochs wol spitich, hear, ik fyn it folle lekkerder as it net oanbaarnd is.

ALFRED: Ik kin der neat oan daan, it binne hiele tipelsinnige piken. Foardatst it yn de rekken hast binne se ferbaarnd.

GRYTSJE: *(Komt troch doar fan it restaurant, bliuwt yn de doar stean. Se hat net fernommen da it tafellekken heakjen bleaun is oan har riem)* De itenstafel is ree! *(Komt fierder yn, it tafellekken komt mei. En yn it restaurant hearre wy in heislik kabaal)*

EMMA: Sjoch no watst dochst!

GRYTSJE: It tafellekken is heakjen bleaun.....

EMMA: *(Sjocht troch de doar)* It hiele servys ne de barrebysjes!

FRITS: En dêrom neame wy it ek diggelguod.

EMMA: It wie al omtrint hûndert jier âld...

FRITS: Dan waard it ek heech tiis foar wat nijs.

SIMEN: Ik bin bang dat wy in probleemke hawwe by de ferkeap.

EMMA: Ik bin bang dat wy fjouwer problemen hawwe by de ferkeap. As dat mar goed komt want ik bin wier oan myn pensioen ta.

SIMEN: Minsken, no't wy hjir allegear by elkoar binne, efkes harkje,

ik ha in wichtige meidieling.

FRITS: It útdielen fan de krystpakketten.

SIMEN: Nee, net it útdielen fan de krystpakketten. It is nammentlik sjesa.....

FRITS: Krije wy dit jier gjin krystpakketten?

SIMEN: It is hielendal gjin tiid foar krystpakketten. Nee, it sit mammentlik sa.....

FRITS: Wy krije wol in krystpakket mar pas mei Kryst.

SIMEN: Hâld no ris op oer dy krystpakketten. It giet om.....

FRITS: (*Tsjin Alfred*) En dochs leau ik, dat wy gjin krystpakket krije.

SIMEN: Frits, ik wurd gek fan dy en dyn krystpakketten.

FRITS: En dat is dan de reden, dat wy gjin krystpakket krije?

SIMEN: Skei út oer dy krystpakketten! Ast' noch ien kear krystpakket seist, dan kinst dyn krystpakket ferjitte! Hjoed krige ik.....

FRITS: Goed, ik sil it net mear hawwe oer dy.... Eh.... Ik sis al neat mear.

SIMEN: Moai. Kin ik dan no fierder gean mei myn ferhaal?

GRYTSJE: Wannear hawwe wy dit jier Kryst?

ALFRED: Neffens my is it dit jier ein Desimber.

GRYTSJE: Altyd moai om te witten, no?

FRITS: Ja, dan kinst de mar rekken mei hâlde by it boadskipjen. Want je moatte altyd earst efkes sjen wat der yn dat..... Kryst.... Nee, ik siz neat mear.

PYT: Kinne jo no je ferhaal efkes ôfmeitsje, want ik moat dizze koffer noch nei boppe bringe en dat sil ek noch wol de nedige tiid nimme..... (*suchtet*)

SIMEN: Ja, ik soe wol wolle, mar der praat hieltyd wol ien trochhinne.

FRITS: Hoe bedoele jo.

GRYTSJE: No, sorry hear.

PYT: Mar ikke dochs net?

SIMEN: (*Woe hieltyd wer begjinne*) Sa, no ha ik it wurd. Ik krige hoed in tillefoantsje fan in menear Romkes. Hy hat niget oan dit hotel en wol it wol keapje. Want lyk as jimme wol witte, hawwe Emma en ik dit hotel al in tiidsje te keap stean. Wy hawwe it sa stadichoan wol fertsjinne om mei pensioen te gean.

EMMA: Ja, dêr binne wy wol oan ta.

PYT: Stil no, lit Simen no útprate.

FRITS: Ja toe no, lit him efkes syn ferhaal dwaan.

SIMEN: Menear Romkes wol hjoed efkes mei ien fan syn meiwurkers del komme om it hotel en de omkriten te besjen.

EMMA: Dus jim sille begripe, dat it tige wichtich is, dat wy in goede yndruk op harren meitsje.

ALFRED: Oh, as dat alles is, gjin inkeld probleem, hear.

GRYTSJE: Ja, dy komme wy wol op harren smoute side temjitte.

PYT: Ik soe harren keamer 13 jaan, dy is hjir boppe.

EMMA: Dat is oars net ús moaiste keamer.

PYT: Dat wit ik, mar it skeelt in moai ein yn it omheech tûgjen fan harren koffers.

ALFRED: Ik sil harren de spesjaliteit fan it hûs foarsette.

FRITS: Oanbaarnde pyk?

MENEAR CHATEAU: *(Komt by de trap del)* Wêr bliuwt myn koffer? En de keamerdoar sit ek noch op slot.

PYT: Ja, ja, ik kom. Mar menear hjir moast sa nedich noch wat meidiele. Mar hy is sa langtriederich en as hy no noch yn ien kear syn ferhaal die.....

SIMEN: It soe my neat gjin nij dwaan dat it him wer oan my leit. Mar menear Romkes kin hjir sa wêze, dus doch allegearre jim bêst. *(Menear Chateau giet al fêst nei boppe)*

ALFRED: Ik sil fuortdaliks in pear hintsjes taryede. Of hazze, it is mar krekt sa't it falt. *(ôf nei de keuken)*

PYT: Ik sil dizze brut nei boppe bringe. *(Pakt de koffer en saait dy de trap op, hyset syn broek op en giet dan sels ek nei boppe)*

GRYTSJE: Hokker keamers krije dy gasten, dan sil ik dy al fêst op oarder bringe.

EMMA: Doch mar 13 en 15. *(Grytsje hellet it ien en oar út de biezemkast en giet de trap op)*

FRITS: *(Linet op de gêrsmasjine)* Wêr wie ik ek al hast wer mei dwaande?

SIMEN: Wat tinkt dy sels?

FRITS: Ik soe't net witte..... *(Simen jout de gêrsmasjine in triuw, sa dat Frits hast om mitert)* O ja, ik wit it al wer, it heechpoalich klead yn de ytkeamer. *(Sil mei de gêrsmasjine nei it restaurant, Simen der rap foar)*

SIMEN: Ast'it mar litst! *(Frits mei de gêrsmasjine troch de foardoar ôf)*

EMMA: It sil in hiele toer wurde om in goede yndruk te meitsjen. Ja, oan my sil it fansels net lizze, mar mei dat personiel fan ús.....

SIMEN: Ja, wy moatte der plat foar. Want as it heal kin, moat it personiel al mei oer. Nim bygelyks Pyt, dy kriget noch mei lijen de koffers by de trap op. As dy der út reitsje soe, belânnet hy grif yn de ûnderwâl.

EMMA: Hy komt ek net sa snoad oer, dy komt nearne wer oan de slach.

SIMEN: Hy komt net allinne net sa snoad oer, mar hy is it ek net. En

dan hawwe wy noch Grytsje.

EMMA: It is in skat, dêr net fan, mar se is altyd lyke gysten en rimpen. Noch folle gystener as dat ik bin. No en dan hawwe wy Alfred noch. Mei dat itensieden fan him.....

SIMEN: Ho, wacht, dêr komt immen it paad del..... Dat sil him wêze. Toe, gau, wy maotte der wat kreas op stean. (*Bringe harren klean wat op oarder en gean efter de baalje stean. De foardoar giet iepen en Geart komt yn*)

EMMA: (*teloarsteld*) O, it is de buorman mar.

SIMEN: Wat soe dy no wer hawwe te seuren.

GEART: Ik ha in klacht.

EMMA: Al wer? Jo hawwe alle dagen wol wat te seuren.

GEART: Jo hoege net te kleien, Emma, dat doch ik wol. Ik ha in klacht. Dy taxi, dy't fan'e moarn in klant by jimme ôfleverde hat, is by it kearen troch myn gêrsfjild hinne riden. In hiel djip spoar, dwers troch myn gêrs.

SIMEN: En no komme jo wer om de wênstige skeafergoeding tink?

GEART: Krekt. (*Simen suchtet, rint nei de bar. Geart giet der ek hinne, giet op in kruk sitten en Simen jit him in buorrel yn*)

SIMEN: Hjir is dyn skeafergoeding.

GEART: Mar ien? It is in hiel djip spoar, hear. Meist ek noch wol efkes delkomme om it te sljochtsjen.

SIMEN: Ik stjoer Frits wol efkes.

GEART: Dy Frits fan jimme? Leaver net. Dan kin ik hjir fuoartdaliks wer hinne, om noch mear skeafergoeding. (*Harm Romkes en Lola komme yn troch de foardoar. Simen en Emma gau efter de baalje*)

LOLA: Is dit no it plak, dêrsto dyn sinnen op set hast?

HARM: Jawis. Kin net better. It juste plak foar myn plannen.

LOLA: En net te ferjitten, myn plannen.

HARM: Wis leave, dat ferjit ik net.

SIMEN: Wolkom. Wolkom yn ús hotel.

HARM: Jo binne de eigner, dy't my suver smeke hat om dit hotel te keapjen? (*Fûstkje*) Harm Romkes.

SIMEN: No, smeke..... Simen Húsman. Jo hienen my yndie oan de tillefoan. En dit is myn frou, Emma Húsman. Ik hoopje sa, dat wy it iens wurde. Dizze kâns kinne jo wier net oan jo foarby gean litte.

HARM: Dit is myn sekretaresse, Lola Tichelaar.

GEART: Doch my ek mar sa'n meiwurkster.

EMMA: Slach ús buorman mar gjin acht, dy soe krekt wer fuort.

GEART: O ja?

EMMA: Ja.

HARM: Buorman?

SIMEN: Ja.... Wennet sawat in kilometer fierder op.

GEART: Kilometer? (*Emma wurket Geart de foardoar út*) Hee, net sa oan myn bûsgroentsje skuorre. It kin wol stikken.

EMMA: Ik pas wol op. Dan stiest hjir sa wer om skeafergoeding.
(*Geart ôf*)

SIMEN: Wolkom op dit stee. In oase fan rêst.

LOLA: Ja, it is hjir wol in deade boel.

EMMA: Wy hoopje dat jimme ferbliuw hjir tige nei it sin wêze sil un ús treflike hotel. Wy hawwe de moaiste keamers op oarder brocht.

SIMEN: Mar de oare keamers binne net minder, fansels.

LOLA: Keamers, Harm?

HARM: O, eh..... Hè hè, doch ús tegearre mar ien keamer. Dat is wol sa foardielich. Nije besunigingen fan it bedriuw, sjogge jo. Ekonomyske krisis en sa, moatte jo witte.

EMMA: O..... Ien keamer, dus..... Ja,ja.

SIMEN: Ik sil ús piccolo Pedro efkes roppe.

EMMA: Pedro?

SIMEN: (*Efter syn hân*) Pyt..... Pedro harket wat better.

EMMA: O, fansels, Pedro. (*Pakt de luchthoarn en jout der in fikse stjit op. Harm en Lola keare harren ferskrikt nei har om*) Wolle jo jûn ek noch oanskikke yn ús treflike restaurant? (*Pyt komt de trep ôf hobbellen. As hy ûnder is hyset hy earst syn broek wer op*)

PYT: (*Tsjin Simen*) Jo moatte my net sa alderheislikst sjouwe litte. Dêr fal ik fiersten te bot fan ôf.

HARM: En wat stiet der op it menu?

EMMA: Wy hawwe jûn in rinnend buffet. Mei yn haadsaak pikeprodukten.

PYT: Smeitsje oeral it selde, altyd oanbaarnd. Sacket je gewoan de broek fan ôf.

SIMEN: Pedro!

PYT: (*sjocht om him hinne*) Wa?

SIMEN: Pedro, dit is menear Romkes. Hy is in gadingmakker om it hotel te keapjen.

PYT: Wat? Oh..... Ja, goed restaurant, hear. Minsken komme fan wech en de wear. Treflike hin ek, sa priuwe jo it nearne. En dat is sa wier as Wopke libbet.

HARM: Dan wolle wy graach foar twa persoanen reservearje foar it jûnsmiel.

EMMA: Ik sil it trochjaan oan de sjefkok. Pedro, wolsto dizze minsken efkes nei keamer 13 bringe?

PYT: Pedro?..... O ja, Pedro. Ah, jo binne mefrou Romkes?

HARM: Nee, dit is myn sekretaresse, juffer Lola.

PYT: *(Mei in knypeach)* Dus jo binne noch wol oan de merk.

EMMA: Pyt!!!

PYT: Pyt?.....Hokker Pyt? Moat ik dy kenne? *(Besiket de koffers op te pakken, mar dat slagget him net. Dêrby wrakselt hy ek noch mei syn ôfsakjende broek)*

EMMA: *(Tsjin Simen)* Help him ris mei dy koffers, oars komt it wer op de kop ferkeard. En jou dy man in riem of sa.

SIMEN: Dat is in goed idee. Kin hy dêr de koffers mei oan elkoar bine. *(Pakt ek wat bagaazje en giet mei Pyt, Harm en Lola by de trep op. Emma rint nei de keuken en docht de doar iepen)*

EMMA: Alfred, wy hawwe der jûn twa gasten by. En dêr moatst tige dyn bêst foar dwaan. *(Alfred komt yn)*

ALFRED: Yn de friezer sit neat mear dat ek mar op fleis liket. Dêrom hie ik mar fêst in pear farske piken helle.

EMMA: Moai.

ALFRED: Ja. Mar it hie noch moaier west dat se my net allegearre útpike wienen.

EMMA: Utpike piken?

ALFRED: Utnaid . Untkommen. Poater. Om mei Appie te praten: Oekedakke.

EMMA: Appie? Hiest dy bisten dêr kocht.

ALFRED: Dat is gjin pikeboer.

EMMA: Wat docht 'er dan.

ALFRED: Oersetter.

EMMA: Hy fart op in pont? En dy hjit fan Oekedakke?

ALFRED: Nee, hy set tanielstikken oer. Fan it Hollansk yn it Frysk.

EMMA: Dus it wiene Fryske piken.

ALFRED: Appie seit yn syn stikken, as der wat fuort of wei is, altyd oekedakke. Dat is in soarte fan syn hannelsmerk.

EMMA: Dus dochs in pikehanneler.

ALFRED: Lit mar sitte. Ik hie dy piken opsletten yn it hok yn de keuken. Mar dat hat grif net goed ticht sitten.

EMMA: Hoefolle wienen der?

ALFRED: In stik as tolve.

EMMA: En dy rinne hjir no allegarre om?

ALFRED: Net allegearre.


EMMA: Gelokkich.

ALFRED: Guon fladderje. *(Frits komt wer troch de foardoar mei de gêrsmeander)*

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto